

De klunende minsk as kwetsbere clown

GOOITSEN EENLING

Wy binne yn de ferfallen dûnsseal Rialto. Prostituee op leeftiid Yolande hat ús útnûge, se hat wat wichtichs te fertellen: se giet mei pensjoen, se sil ferhúzje en se sil trouwe. En wy mei tsjûge wêze.

Arno Sierens út Gent hat in stik skreaun mei in hiele lange titel oer in lytse, doarpseftige mienskip dêr 't de minsken earst sizze en dan tinke. Neist Yolanda komme wy yn de kunde mei har pubersoan, har poaier, har âld-húsdokter en fêste klant mei syn dochter, en de kriminele húsfreon dy 't besiket op it rjochte paad te bliuwen. It binne allegear minsken dy 't by wize fan sprekken graach reedride wolle mar meastentiids oan it klunen binne.

Sierens hat syn stik skreaun yn in betocht folks Flaamsk dat rûch mar ek fitaal út de faaks grutte mûlen fan de personaazjes streamt. Peter Sijbenga hat by syn oersetting de blender brûkt en by it Frysk noch wat krûden mingd. It resultaat is in soppige sprektaal dy 't aardich yn 'e krite komt fan it orizjineel. Taal út it hert, taal dy 't flinteret.

Regisseur Tamara Schoppert lit dit stik spylje tusken fjouwer tribunes mei it sicht op it poadium, as yn in sirkustinte. De styl is eigenwiis en fysyk; teksten wurde stevich delset en mei it lichem aksintuearre. Der is muzyk, der wurdt omraak dûnse en hjir en dêr wurde wy traktearre op in flinterke akrobatyk. In feest foar each en ear.

De spilers fiele har sichtber thús yn dit konsept. Aly Bruinsma set alle registers iepen foar har Yolande, in eachweiding. Joop Wittermans eksellearet as de deasike húsdokter, en Eelco Venema as de boef dy 't net doge wol, giet himsels foarby. Mar ek de trije jongere spilers swimme goed mei. Benammen Anna Raadsveld as de keunstsinnige doktersdochter oertsjûget.

De personaazjes wurde stadichoan universeler makke troch se wyt te sminken. It libben is in pyste dêr 't kwetsbere clowns stroffeljend yn besykje harren lok te finen. De smink rint út troch harren triennen mar de kluchtmakers geane nettsjinsteande alle hulten en bulten altiten troch. En sa binne se de gniisspegel foar de wrottende minsken dy 't wy binne.

De foarstelling is noch net hielendal op spanning, om twa oeren lang de oandacht fêst te hâlden is blykber noch wat tefolle frege. Mei ynspyljen en miskien in skjirre komt dizze eigensinnige produksje fêst noch kleuriger yn de spots te stean.

Ea wie Zalen Schaaf de thúshaven fan Tryater. Mei dizze foarstelling bringe se in bysûnder earbewiis oan dizze karakteristike skouboarch. Dy 't, Gemeente Ljouwert, net teloar gean mei!!!
